

Fretsucht leant net

k-

FD 20-3-'10

Misdied

troch Jaap Krol

Marten Bok is fermoarde. Hoe't dat kin? Bok, arbeiderssoan, wie in skoft aptekersassistint yn in grut sikehûs, dêr't syn âld-doarpsgenoat Siger Kalsbeek, boeresoan, direkteur is. Bok is frustrearre oer syn skrale libben en begjint in hanneltsje yn medisinen dy't oer datum binne. Feitliks om mar ien reden: krekt sa ryk wurde as Kalsbeek. Bok hellet dêrta de wat sullige snackbarhâlder Cor Fongers oer om in pleats mei kamping yn Bartlehiem te eksploitearjen. Dêr kin Fongers dan syn dreamrestaurant begjinne mei selsmakke Potstro-gerjochten - foarhinne it earmeljusiten, en dêrom no miskien in gat yn 'e merk. Bok hat foar syn eigen tsjustere hannel nammentlik de skuorre nedich. Fanatyk as er is, wit er as slûchslim sake-man de respektarre Kalsbeek hieltyd tichter op 'e hûd te siten, oant de sikehûsdirekteur him aktyf mei de hannel be-muoit.

Arjen Witteveen, in resjersjeur mei in burn-out, dy't yn skieding leit en op terapeutyske basis wurket, is belêstge mei it ûndersyk nei de moard; dêrom ek nei de relaasje tusken de twa manlju. Hy ûntdekt dat der by Bok en Kalsbeek in frou yn it spul west hat, dy't alwer jierren yn in psychiatryske ynjochting wennet. Wylst har geheim troch Witteveen ûntbleate wurdt, fjochtsje Bok en Kalsbeek harren striid út yn in hieltyd hurder wurdend miljeu. De meast beskiedene fan de trije, Cor Fongers, liket it neisjen te hawwen.

En mear sis ik net oer *Potstro Fongers*, it nijste boek fan skriuwer Sietse de Vries en opfolger fan it tige suksesfolle *Kûgels foar Kant*. It bliuwt fansels in misdiedroman, in ferhaal dêr't yn ret wurde moat.

Potstro Fongers is opboud út allerhanne koarte sênes, foarsjoen fan datum en jiertal, dy't harren sawol foar as nei de moard ôfspylje. It boek is sa in flotte, yngenieuze fertelling wurden mei as grûntoan de totale mislearring. Arjen Witte-

veen, Cor Fongers, Marten Bok en Siger Kalsbeek binne frustrearre fjirtigers, dy't ûnwis en ferfeeld, dan wol egoïstysk en materialistysk yn it libben stean. Dat jout it ferhaal in sinyske ûndertoan, dy't lykwols yn kombinaasje mei it hege tempo in oerflakke yndruk achterlit. De kwalifikaasjes op de flaptekst ('Spanning, humor en maatskippijkrityske hâlding') diel ik dan ek net allegear. De Vries hâldt de spanning oant de lêste side fêst, mar tagelyk krije de personaazjes gjin psychologyske ûntjouwing of ferdjipping. Jaloerskens, ambysje en erchtinkerij binne kweade, mar o sokke minsklike emoasjes, dy't yn *Potstro Fongers* foaral ynstruminteel ynset wurde. Dit komt de misdied te 'n goede, mar jout de maatskippijkrityske hâlding net foldwaande fûnemint.

i *Potstro Fongers. Sietse de Vries. Friese Pers Boekerij, 17,50 euro*

